

## Tekst 1 ‘Goed, mar net yn mýn achtertún.’

- 1p 1 Hokker sinpart yn alinea 1 komt oerien mei de gefoelslading fan it sinpart ‘net yn mýn achtertún’ yn de titel?
- 1p 2 Hokker sin(part) yn alinea 1 is net sarkastysk of iroanysk bedoeld?  
A “As it ... as opknapt” (r. 5-7)  
B “In galerijflat ... te krijen” (r. 11-14)  
C “it klapstik ... anneks skatebaan” (r. 24-26)  
D “In plan ... fiere sichtlinen” (r. 31-33)
- 2p 3 Wat is de funksje fan de sin “Yn eardere ... tasein keunstwurk.” (r. 16-22) yn relaasje ta it sinpart “sit dêr mar net oer yn”, dat dêr oan foarôfgiet? *Jou it antwurd mei de motivearring yn heechút 20 wurden.*
- 1p 4 Wêrom begjint de skriuwer der hjir oer?  
A Omdat buro NoordPeil net yn de stêd Grins fêstige is en dêr dochs in plan foar makke hat.  
B Omdat Els van der Laan by de lêzers fan *De Moanne* om har wurk bekend is.  
C Omdat Els van der Laan earder yn *De Moanne* hiel wat oars bewearde hat.  
D Omdat it hjir om in Frysk masterplan giet dêr’t de lêzers fan *De Moanne* grutsk op wêze kinne.
- 2p 5 Fertel yn eigen wurden wat der yn it ferbân fan de tekst mei “schaamgroen” (r. 51) bedoeld wurdt. *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 3p 6 Frou Van der Laan wurdt yn alinea 2 tige wiidweidich oanhelle. Wêrom docht de skriuwer dat? Motivearje it antwurd mei in sitaat dat de skriuwer sels yn dy alinea ek brûkt. *Brûk foar it sitaat mei de útlis heechút 30 wurden.*
- 1p 7 Wat is it ferbân tusken de beide sinnen fan alinea 3?  
A konkludearjend  
B redenjouwend  
C tsjinstellend  
D útlizzend
- 1p 8 “om it lân te behâlden moasten wy it ferneatigje” (r. 69-70) Hokker stylfiguer is dit?  
A hyperboal  
B irony  
C metafoar  
D paradoks

2p **9** “Sa kin dat ... arsjitekt wêze...” (r. 71-73)  
Jou oan wat it probleem fan de arsjitekt is dêr't de skriuwer hjir op tsjut. *Brûk net mear as 15 wurden.*

1p **10** Alinea 4 beslút mei de sin: “As it ... de pianospiler.”  
Wat wurdt yn dit ferbân bedoeld mei it rjocht dat syn beloop krigen hat? *Brûk net mear as 10 wurden.*

1p **11** Wa wurdt yn dit ferbân bedoeld mei de ‘pianospiler’?

Yn alinea 6 hat Bouke van der Hem it oer de oerheid.  
1p **12** Wat hâldt syn kommentaar yn?

- A** De oerheid hâldt gjin rekken mei de beheining fan stêd en lân.
- B** De oerheid hâldt yn haadsaak rekken mei de winsken fan de better betelle boargers.
- C** De oerheid kin gjin plannen ûntwikkelje dy't jilde foar de lange termyn.
- D** De oerheid oerdonderet de boargers hyltyd wer mei nije frachten nota's en beliedsfoarnimmens.

Yn alinea 7 hat Bouke van der Hem it oer de ynspraakkomitees.  
1p **13** Wat hâldt syn kommentaar yn?

- A** De ynfloed fan ynspraakkomitees kin net op tsjin de macht fan de elite.
- B** Ynspraakkomitees hawwe meast net goed troch wat it algemien belang is.
- C** Ynspraakkomitees wurde gauris manipulearre troch lobbys fan machthawwers.
- D** Minsken dy't in sit hawwe yn ynspraakkomitees, binne meast net saakkundich.

Yn alinea 8 hat Bouke van der Hem it oer de boarger.  
1p **14** Wat hâldt syn kommentaar yn?

- A** De boarger hat yndividueel sokke bysûndere winsken dat it perfoarst net mooglik is om him yn alles syn sin te jaan.
- B** De boarger hat ornaris meast it each op it eigenbelang.
- C** De boarger moat mear ynspraak hawwe by de ynrjochting fan de eigen leefomjouwing.
- D** De boarger wit better wat goed is foar de buert dêr't er yn wennet as de beliedsfoarmjende ynstânsjes.

Alinea 9 is de argumintaasje by in stelling dy't yn de tekst letterlik te finen is.  
1p **15** By hokker stelling is alinea 9 de argumintaasje?

Yn alinea 10 is sprake fan in tsjinstelling en fan in oerienkomst.

2p **16** Om hokker tsjinstelling giet it yn alinea 10? *Brûk net mear as 5 wurden.*

2p **17** Om hokker oerienkomst giet it yn alinea 10? *Brûk net mear as 15 wurden.*

- 1p **18** Wat wol Bouke van der Hem sizze mei de slútsin: “Hup Els ... oerslein hast.”?  
As ik alles nochris oereidzje, moat ik tajaan
- A dat dit projekt foar Els eins net te dwaan wie.
  - B dat ik hjirboppe allinne myn eigenbelang telle litten haw.
  - C dat ik it dochs mei Els iens bin.
  - D dat it plan fan Els net sa radikaal wie as dat ik earst tocht.

It stik kin yn trije parten ferdield wurde.

- 1p **19** Mei hokker alinea begjint it twadde part?  
1p **20** Mei hokker alinea begjint it tredde part?

- 1p **21** Hokker fan de ûndersteande bewearings is korrek?
- A De tekst kin net sjoen wurde as in útienssetting om't de skriuwer net mient wat er seit.
  - B De tekst kin sjoen wurde as in riddenearring om't de skriuwer by eintsjebeslút oan syn útgongspunt fêsthâldt.
  - C De tekst kin sjoen wurde as in skôging om't de skriuwer syn útgongspunt yn de lêste sin relativearret.
  - D De tekst kin sjoen wurde as in útienssetting om't de skriuwer de lêzer ynformearje wol oer de gong fan saken yn in demokratisearre mienskip.

- 1p **22** Wat foar arguminten brûkt de skriuwer yn dizze tekst?  
As de skriuwer arguminten brûkt, binne dat meast
- A drôchredens.
  - B fergelikings.
  - C foarbylden.
  - D wittenskiplike bewizen.

- 1p **23** Wat is de haadgedachte fan dit stik?
- A Els van der Laan docht by eintsjebeslút krekt wat har sels it bêste útkomt.
  - B Yn in fierhinne demokratisearre mienskip krijt trochstrings net ien alhiel syn sin.
  - C It soe better wêze as saakkundigen mear sizzenkip hienen by it ynriochtsjen fan ús leefomjouwing.
  - D Planburo's as NoordPeil út Snits binne in pleach foar de boargers en folslein oerstallich.

Trochstrings wurde de folgjende skriuwoelen ûnderskieden: ynformearje, yn omtinken jaan, oertsjûgje en oantrune.

- 2p **24** Hokker oar skriuwoel hat Bouke van der Hem yn dit stik ek noch? *Motivearje it antwurd yn heechút 10 wurden.*

## Tekst 2 De takomst fan it wittenskiplike boek

---

- 18p **25** Meitsje in gearfetting fan tekst 2.  
Soargje derfoar dat dy gearfetting net mear as **160** wurden hat.  
Yn de gearfetting moatte de haadgedachte en de struktuer fan it orizjineel werom te finen wêze. Yn alle gefallen komme de neikommende ynformaasje-  
eleminten foar:
- de feroaring;
  - de feroarsakers;
  - de foardielen;
  - de problemen;
  - de konklúzje.